

LITURGY BY DE MOARNSTSJINST 21 MAAIE 2006
GRIFFORMEARDE TSJERKE WINSUM
SNEIN ROGATIE - TEMA: FREUGDE

Foargonger: ds. T. Hibma
Muzyk: muzykkorps Wjelsryp

Yn dizze fryske tsjinst betinke we - mei oare fryske tsjerken - dat foar de 50-ste kear yn Grand Rapids in jierlikse fryske tsjinst hâlden wurdt. Dat is mei iens ek de lêste fryske tsjinst yn dizze tradysje. Foargonger yn Grand Rapids is ds. Lieuwe Tamminga, dy't fan Wjelsryp kaam en ek yn 1957 yn 'e earste tsjinst dêr foargie. Mei-foargonger yn Grand Rapids is Koen Zondag, dy't de gebeden makke hat dy't yn dizze liturgy opnaam binne en yn oanpaste foarm ek yn Grand Rapids brûkt wurde.

Ut it briif fan it Kristlik Frysk Selskip:

Hjir en dêr hat it al yn 'e krante stien: op 21 maaie wurdt der yn in protte tsjerken yn Fryslân omtinken jûn oan it tema 'lânferhuzers', oftewol: emigranten. Nei Simmer 2000 witte wy wer, hoefolle tsientûzenen Friezen oft der wol net oerstutsen binne om yn Amearika of Kanada in nij bestean op te bouwen. Yn 'e jierren '50 tochten de minsken noch, dat se inoar dan nea wer sjen soene. Mar de technyk makke mear kontakten mooglik, en de bân bleau ...

Yn it liet foar Simmer 2000 steane de rigels 'Al bin ik fier fan hûs, ferjit my net!' Dêr hawwe de Friezen oan 'e oare kant faak ek in protte muoite foar dien: keatswedstriden dêr't de dielnimmers 300 kilometer foar reizgje moasten, Fryske krite mei leden yn in gebiet sa grut as Frankryk ... En - Fryske tsjerketsjinsten!

Yn Grand Rapids, it tsjerklik sintrum fan de measte emigranten, is yn 1946 foar it earst in Fryske tsjinst holden ûnder lieding fan dû. Lieuwe Tamminga. Dy Fryske tsjinst is in tradysje wurden oan dit jier ta. Op 21 maaie 2006 wurdt dêr de 50ste Fryske tsjinst holden, mei deselde foargonger. Omrop Fryslân sil hjir royale oandacht oan jaan.

Om útdrukking te jaan oan de ferbûnens tusken de Friezen oan beide kanten fan 'e grutte dobbe, is it inisjatyf ûntstien om op 21 maaie ek oan dizze kant in oantal Fryske tsjinsten te hâlden.

LIET FOAR DE TSJINST: GESANG 380: 1,2,3,4

TARIEDING

WOLKOM EN MEIDIELINGS

OANSTEEKEN FAN 'E PEASKEKEARS

YNTOCHTSLIET: PSALM 66: 1,6,7

STIL GEBED - BEMOEDIGING EN GROET

Litte we no stil wurde foar God en bidde om in seine oer dizze tsjinst.

.... stil gebed ...

Ek dizze snein begjinne wy - yn ferbûnens mei al ús bruorren en susters yn 'e wrâld - mei te betinken dat God ús helpe wol, dizze tsjinst, dizze dei en al ús dagen.

En yn 'e namme fan God groetsje wy inoarren, troch ús Hear Jezus Kristus mei genede, leafde en frede.

Amen

GEBED

Leave Hear yn 'e himel

wy sizze Jo tank foar dizze tsjinst.

Hjoed fiele wy ús ferbûn mei minsken yn it fiere

Amearika, dy't noch altyd bliid wurde
as hja it wurd fan Heit yn de taal fan har mem hearre.
Ek nei safolle jierren is dy taal noch altyd
in part fan har bestean.
Ek hjoed as hja, miskien mei de triennen yn 'e eagen,
har lêste Fryske tsjerketsjinst fiere sille.
Wy tinke oan famylje, kunde en freonen
yn it lân fan dream en winsken.
Faak wie it in wreed paradys,
gauris wiene de noeden en soargen grutter as har hope.
Tsjin de stream yn besochten hja in paad te finen
en paadwiis te bliuwen.
En krekt dêryn hawwe wy inoar nedich.
Wy sitte ommers, op oare wize,
mei deselde swierrichheden tangele.
Ek wy sykje yn in goddeleaze kultuer
romte foar hert en siel.
Lit ús op dizze snein de hope en
ferwachting útsprekke
dat wy mei-inoar paadwizers wurde meie.
Foar ús bern, foar ús folk, foar ús lân.
Meitsje ús oan beide kanten fan it grutte wetter
tsjinnens fan Jo.
Wês mei ús. Bliuw by ús.
No en yn de dagen dy't komme.
Amen.

WURD VAN LIBBEN

As wurd fan genede en paadwizer fan ús libben lêze we hjoed út 1 Johannes 4.
De apostel skriuwt:

Freonen, lit ús inoar leafhawwe, want de leafde komt fan God;
elk dy't leafhat is in bern fan God en ken God.
Dy't net leafhat, ken God net, want God is leafde.
Dêryn is Gods leafde ûnder ú oan it ljocht kommen,
dat Er syn Ienlingssoan yn 'e wrâld stjoerd hat,
dat wy troch Him it libben fine soenen.
Dêr bestiet de leafde yn,
Net dat wy God leafhân hawwe, mar dat Hy ús leafhat
en syn Soan stjoerd hat om troch syn offer ús sûnden út te wiskjen.
Freonen, as God ús sa leafhân hat, dan is it ús plicht ek, inoarren leaf te hawwen.

SJONGE: DE MAITYD IS WER KOMMEN

TSJINST FAN IT WURD

Dizze fiifde snein nei Peaske wurdt fanâlds Rogate neamd,
fan it latynske wurdt rogare, dat betsjut: freegje, bidde.
Meastal is de snein neamd nei in wurd út de begjinpsalm. Mar dizze snein net.
Dit is de snein fan it gebed, neamd nei de biddagen dy't fan âlds holden waarden
op de trije dagen foar Himelfeart.

Dêr moat ik efkes wat byfertelle.

Yn de foarkristlike tiid waarden yn de maaiedagen de goadebylden oer de ynsiedde fjilden droegen, om te freegjen om fruchtberens. Oars soe der hongere komme en sykte en dea.

Ek makke de keningen en it folk om it doarpsgebiet om wer te witten wêr't de grinzen lizze.

Us wurd frede komt dêr fan, fan ôffreedzje: it iens wêze oer de grinzen.

Dêr't de frede net slagge yn de maaimoanne oarloegen út.

Mei ek wer hongere, sykte en dea fan gefolgen.

Biskop Mamertus fan Vienne yn Gallië is om it jier 400 hinne begûn om it krús fan Kristus troch de fjilden te dragen, as oerwinningsteken, dat wy ús heil fan Him ferwachtsje meie.

Sa binne ek yn ús streken om de ommegongen fan de Krúsdagen ûntstien bidprosesjes op de trije dagen foar Himelfeartsdei.

Yn Fryslân stoppen dy prosesjes yn 'e reformaasje-tiid.

Yn Roomske gebieden binne se oant de 60-er jierren yn stân bleaun.

It liet oer de maitiid dat wy niis songen hawwe is in nije oersetting fan in prosesjeliet út 'e Krúsdagen.

Krúsdagen en krúsdragen dus, oan it begjin fan 'e tiid fan 'e fruchten.

Wy hawwe mei de bernetsjinst yn dizze tiid foar Pinkster as tema:

de frucht fan 'e Geast, sa't Paulus dy neamt yn Galaten 5:

leafde, freugde en frede, geduld, freonlikens en goedens, leauwe, sêftmoedigens en selsbehearsking.

En oan de ferhalen fan Abraham sjogge we wat dat ynhâld.

Hjoed giet is spesjaal oer freugde as frucht fan 'e Geast.

GEBED: OER DE WURDEN

Fan Jo hawwe wy it wurd krigen.

Fan Jo meie wy de dingen nammen jaan.

Nammen foar minsken, planten en dieren.

Nammen foar hiele gewoane deistige dingen.

Nammen foar hiele yngewikkelde dingen.

Wurden om mei te boartsjen.

Wurden foar skriuwers en dichters.

Wurden foar boeren en fiskers.

Wurden foar dokters en ferpleechsters.

Wurden foar grutten en lytsen.

Foar âlderein en jongerein.

Lear ús om it grutte wûnder fan de taal

te sjen en te wurdearjen.

Lear ús dat de wurden net samar

fan ús lippen rôlje meie.

Lear ús om de wurden op har wearde te skatten.

Fan Jo meie wy, ek yn ús memmetaal,

de wurden brûke ta heil fan meiminske en fan Jo.

Jou ús de krêft en de moed om dat te dwaan. Amen.

WURD FOAR DE BERN

Ik haw hjir twa plaatsjes, fan hynstebloemen: de iene yn folle bloei, de oare útbloeid.

Lêsten wie it sa prachtich, dy fjilden fol hynstebloemen,

mar no binne de measten al wer útbloeid en ôfmeand.

Sa bloeie no de bûterblommen en fluitekrûd of piipkrûd, mar ek dat rekket wer útbloeid.

Mar sjoch hjir haw ik sa'n útbloeide blom, dat binne allegearre siedsjes

en dêr kinne takom jier wol 10 blommen fan groeie.

Hjoed giet it oer freugde. Wy meie bliid wêze mei alles wat groeit en bloeit yn ús libben, mar it meast mei de siedsjes dy't God yn ús libben groeie lit, dy hjitte: leafde.

DE BERN GEANE NEI DE BERNETSJINST

SKRIFTLÊZING: GENESIS 17:15-17,18:9-12,21:1-7

Fierders sei God tsjin Abraham: Sarai, dyn frou, har namme sil net mear wêze Sarai, mar Sara. En ik sil har seinigje en ek by har sil ik dy in soan jaan. Ja, ik sil har seinigje en folken sille der fan har wurde; keningen fan naasjes sille út har fuortkomme. Doe liet Abraham him foaroer falle en hy lake. Hy tocht by himsels: In man fan hûndert jier, soe dy noch heit wurde? En Sara, in frou fan njoggentich jier, noch mem?

Doe seinen se tsjin him: Wêr is Sara, jo frou? Hy sei: Dy is yn 'e tinte. Hy sei: Ik kom oer in jier fêst by dy werom en dan hat Sara, dyn frou, in soan. Sara hearde it by de yngong fan 'e tinte, dy't efter Him wie. No, wiene Abraham en Sara âld, al tige op jierren kommen. En Sara wie al oer de jierren. Sara lake der ynwindich om en tocht: Soe ik noch befrediging ha no't ik útlibbe bin en myn hear âld is?

De Hear tocht oan Sara, lykas Er sein hie, en de Hear die har sa't Er ûnthjitten hie. Dat Sara waard swier en joech op syn âlde dei Abraham in soan, op 'e stelde tiid, dy't God him sein hie. En Abraham joech de soan dy't er by Sara krige hie, de namme Izaäk. Sa't God him opdroegen hie, besnie Abraham syn soan Izaäk doe't dy acht dagen âld wie. Abraham wie hûndert jier, doe't er syn soan Izaäk krige. Sara sei: God hat my laitsje litten. Elk dy't it heart, sil mei my laitsje. Fierder sei se: Wa soe tsjin Abraham sein hawwe: Sara sil noch bern oan it boarst hawwe? Dochs haw ik him noch in soan jûn op syn âlde dei.

SJONGE: PSALM 105: 1,3

SKRIFTLÊZING: JOHANNES 15: 9-17

Lykas myn Heit my leafhân hat, sa haw Ik jimme leafhân, hâld dan oan myn leafde fêst. As jimme dogge wat Ik jimme opdroegen haw, sille jimme yn myn leafde bliuwe, lykas Ik ek dien haw wat myn Heit My opdroegen hat en oan syn leafde fêsthâld. Dit haw Ik jimme sein, dat myn blydskip jimmes wêze soe en jimme troch alles hinne bliid wurde soenen.

Dit draach Ik jimme op, dat jimme inoar leafhawwe sille, lykas Ik jimme leafhân haw. Grutter leafde as dizze hat net ien: dat ien syn libben weijout foar syn freonen. Jimme binne myn freonen, as jimme dogge wat Ik jimme opdraach. Ik neam jimme gjin slaven langer, want in slaaf wit net wat syn hear docht; Ik haw jimme freonen neamd, want, wat Ik fan myn Heit heard haw, dat haw Ik jimme allegearre bekend makke. Jimme hawwe My net útsocht, Ik haw jimme útsocht en jimme oanwiisd om hinne te gean en frucht te jaan, frucht dy't duorje kin, dat myn Heit jimme sadwaande alles jaan mei, wat jimme Him yn myn namme freegje. Dit draach Ik jimme op: dat jimme inoar leafhawwe sille.

SJONGE: GESANG 488B: 1,2,3,4,5

FERKUNDIGING

Ieuwen ferlyn libbe der in man, Jacopone hjitte der, dy wie aardich ryk.

Hy hie in grut hûs en in moaie frou en hy libbe in fleurich libben.
Op in kear wie der yn 'e stêd in grutte muzykútfering.
Hy der hinne, mei syn frou en syn freonen.
Mar op dy jûn stoarte de flier fan 'e boppeseal wêr't dûnse waard yn.
In protte minsken kamen dêr by om
en Jacopone fûn syn frou dea ûnder it pún werom.
Dat feroare syn libben hielendal.
Hy murk dat alle freugde wêr't er oan't no ta fan libbe fuortfoel.
Hy kearde him nei God omt er fiede en leaude
dat er allinne yn God noch freugde fine koe.
Sa waard Jacopone biddelmonnik.

Op en kear wie er op 'e merk
en in rike boer frege him oft er syn hinnen fan 'e merk nei hûs bringe woe,
dan soe der yn ruil dêrfoar iten en drinken krije.
Mar doe't de boer thús kaam, dêr wiene gjin Jacopone en gjin hinnen.
De oare deis kaam de boer Jacopone wer tsjin en hy frege:
wêr binne myn hinnen bleaun, do soest se dochs foar my thús bringe?
Kom mar mei sei Jacopone, en hy naam de boer mei nei it tsjerkhôf.
Dêr tilde er de stien op fan in grêfkelder en dêr sieten de hinnen yn.
Sjoch, sei er, dit is it ivich thús foar ús allegearre.
Dat is it ferhaal fan Jacopone.

Ik haw niis ek ferteld oer dy hynstebloemen
en sa kinne we ek nei ús eigen libben sjen:
it libben en de freugde is mar koart en dan is dêr de grêfkelder.
Ús ivich thús, seit Jacopone.
Dat lykje net sokke freugdefolle ferhalen,
mar der sit in dûbele boaiem yn.
Foar Jacopone is mei dy grêfkelder as ivich thús net alles sein.
Dêrûnder binne de ivige earmen fan God, dy't ús drage,
dy't ús fêsthâlde yn de rin fan ús libben, yn ús groeien, bloeien en fersinken,
dy't ús fêsthâlde yn leafde, dy't sterk is as de dea, dy't nij libben ûnthjit.

It groeien en bloeien yn ús bestean, dêr meie wy fan genietsje,
it heart by de skepping, by ús minsklike bestean.
Mar tagelyk is der safolle dat dat genietsjen, dy freugde trochbrekt.
It ferhaal fan Abraham en Sara is dêr in foarbyld fan.
Wat, as it minsken net foar de wyn giet,
as der neat groeit en bloeit, as minsken samar fuortskuord wurde út it libben?
We kinne net hinne om dy grutte fragen hinne,
libbensfragen dy't freegje nei de sin fan ús bestean.
Wat stelt dat libbentsje fan ús no foar en wat jout no werklik sin?
Is der in freugde dy't bliuwend is, dy't it úthâldt ek as ús libben wer fersinkt?

It ferhaal fan Abraham en Sara leart ús mei twa eagen te sjen:
oan de iene kant it brekbere minsklike bestean, fan opgean, blinken en fersinken,
oan 'e oare kant it wurd fan God, de belofte fan libben en takomst.
Dat wurd is Jezus.
Dat wurd is leafde
Wêr't wy ek geane, lânferhuzers en thúsbliuwers, dat ferbynt ús mei God en mei-inoar
SJONGE: DE TAKOMST IS AL GEANDE (Tuskentiden 167)

DE BERN KOMME WEROM

LIET FAN'E WIKE: GESANG 252: 1,2

TSJINST FAN DE JEFTEN

GEBEDEN

KOLLEKTE

EINLIET: GESANG 44: 1,2,3

SEINE

SEINEBEA

SJONGE: GESANG 456: 1,2,3